

# In futuristyske identiteitskrisis

FD 21.3.2009

## Roman

troch Jaap Krol

**K**oos Tiemersma is foar lêzers fan Fryske literatuer gjin ûnbekende mear. Syn debút, *De Ljedder* (2002), betsjutte fuort syn trochbraak. Dit súksesfolle boek waard folge troch de romans *De mjitte* (2004), *It liet fan de ibis* (2006) en it boekewikeboek *Mind Games* (2007). *Under Wetter* is de titel fan Tiemersma syn nijste roman.

Wy skriuwe it jier 2065. Sil Posset is studint bosbou en 'lesbo-kid': syn heit hat er net kend, syn iene mem (Doet) is stoarn, de oare (Reja) is út it sicht. Mear noch as studint is er in ekperimenteel dichter en deiboekskriuwer, dy't wolris mei muzykmaat Jarch optreedt en yn de jûnsoeren in kursus Frysk folget by oare maat Wester. Mear noch as dichter is er mei dy hearen warber yn in aksjegroep, dy't yn Ljouwert operearret ûnder de namme 'FRL'. Dy aksjegroep wol de Fryske identiteit mei alle geweld behâlde.

Yn 2065 is Sina de grutte ynfestearder yn grutte wetterprojekten, dy't de wrâld enerzjy leverje moat. It tij fan de Waadsee kin sa lukrative winst jaan. Saak is dus dat de diken trochbrutsen wurde, dat Fryslân werom jûn wurdt oan de see. In ynundaasje yn in hypermodern lân dus.

Betinker fan it plan is Fokke Wigge, âld-direkteur fan in sâltfabryk oan de kust, ek al sa'n grutte ynfestearring.

De sosjale gefolgen fan dy megalomane yngrepen binne net mis: alle bewenners fan Noard- en West-Nederlân moatte fuort, nei Dútslân en dan fierder East-Europa yn. Dat is net daliks in fersyk fan Brussel; it is in militêre operaasje, dy't Ljouwert – wichtichste dekor fan it boek – ta in desolate steat bringt. In stêd fol rein, ferval en geweld en bewenne troch tsjustere lju. Posset heart by de lêste bewenners fan de ûntfolke haadstêd, dy't kontrolearre wurdt troch Poalske militêren. Mei syn twa maten beslút er Fokke Wigge om te lizzen, as protest tsjin it ferlies fan eigen grûn.

It is in operaasje dy't it midden hâldt tusken klungelichheid en leffens. Mar Posset is dan ek in klungelich en lef persoan, dy't syn libben lang mar net kieze kin. Krekt sa kompleks syn relaasje mei froulju is - foaral mei de moaie Ynke -, sa beslútleas en ûnwis is er yn syn hanneljen. As er lykwols op dy bewuste jûn dôchs in died stelt, ferouret der eins neat. Sa is der gjin nijsútstjoering of ekstra (yninternet)kranteberjocht oer de oanslach, ja, is it mar de fraach wa't der no eins delsketten is.

### Omkeapjen

Werom yn Ljouwert merkt Posset dat it hieltyd dreger wurdt om ynreisfergunnings te krijen en dat de permisje langer te bliuwen, ôfrint.



Foto: ANP

Posset is twongen ûnder te dûken yn de âlde Koopmansfabriken, dy't brûkt wurde troch de âld-izerman Bouwe, echte Ljouwerter en sympatisant fan de FRL. Hy slyt syn tiid mei syn kat-mei-hûneline Tsjep, hat honger en beslút nei de selskeazen dea fan Bouwe de stêd te ferlitten. Dat moat ek wol, want Posset wurdt fertocht fan omkeapjen. Foar it ôflizzen en begraven fan Bouwe hat er - op hiel ûnhandige wize - jild bean oan (Fryske) militêren.

Nei in lange busreis bedarret er yn in asylsikersintrum yn Dútslân, dêr't er mei in

Surinamer en de lêste oare bewenners út Fryslân in keamer dielt. Posset is wurch en wol fuort, sels as syn âlde maten Jarch en Wester har ek melde yn it sintrum – ek yn de freonskip wiene de rollen net wis.

### Spanningen

'Betizing' is miskien wol it grutte tema fan *Under Wetter*. It ferhaal spilet him dan wol ôf yn de takomst, de ynstruminten om dy te skilderjen hâldt Tiemersma hiel werkenber. Ynternet, email en GSM binne yn 2065 noch hieltyd wichtige kommunikaasjemiddels. De technyske ynnovaasje en minsklike achtergrûnkonstellaasjes rinne net fuort fan de fantasij fan de lêzer. Dat jout it ferhaal in bysûnder effekt: in futuristyske maatskippij wurdt net allinnich hiel konkreet en soms aktueel (asylsikersintrum), se liket ek te referearjen oan in tiid fier werom: de besettingsjierren. Oarloch of it rantsje fan oarloch krearret in maatskippij mei ûnbeneambere spanningen, in mienskip dy't bytiden yn in kontinue steat fan ûntbining libbet. Lykas Willem Frederik Hermans de ferriedlike ferhâldings yn oarlochssite-waasjes beklamme, sa liket Tiemersma in identiteit tsjin de achtergrûn fan hieltyd ûnwissere tiden te hâlden. Mins en identiteit dy't sykjende binne, dy't in betiizjende relaasje mei de werklikheid

oangean moatte. It knappe oan *Under Wetter* is dat dit proses in ûneindige lingte hat. Tiemersma's feilleaze taalgefoel bespilet de lêzer, lit him doarmje yn in yrr-eel lânskip, fol tsjusternis en skaad, mar dyselde lêzer sil de greep op dizze wrâld net ferlieze.

Spitigernôch hinget der wol in taalkwestje oer dizze roman. In bytsje fier socht fyn ik dy tematyk oer de spesifyk Fryske identiteit anno

## Ynternet, email en GSM binne yn 2065 noch hieltyd wichtige middels

2065 wol. It is in meager item: je kinne jesels ôfreesje wat Friezen no eins bynt. Dat mienskiplike elemint is yn myn eagen te lyts, dêr bin ik dochs tefolle Nederlanner foar en sjoch ik fierste nijs-gjirrich nei it nije Europa. Ja ja, stof ta diskusje dus – mar miskien is *Under wetter* dêr wol foar skreaun.

**i** *Under wetter*. Koos Tiemersma. Friese Pers Boekerij, 18,50 euro

